

út de Smidte

“

Yn petear
mei de
kening

04

Kening op 'e Fryske Akademy

Yn petear oer de takomst fan it Frysk



08

Nijs fan de Fryske Akademy



10

In nij logo, in nije foarmjouwing

Oer de nije hússtyl fan de Fryske Akademy

12

In nij Aldfrysk fragmint út Wenen

Dr. Han Nijdam oer nije Aldfryske fragminten dy't yn Wenen opdúkt binne



14

Akademydei 2024

Laudaasjes foar nije leden Eppie Dam en Ammerins Moss-de Boer



16

Ut it fjild

Nijs oer de wurkferbannen fan de Fryske Akademy



20

Weromsjen

21

Netwurk-symposium UNESCO City of Literature Edinburgh



22

Dei fan de Fryske Taalkunde XIII

Dr. Eric Hoekstra docht ferslach fan de 13e Dei fan de Fryske Taalkunde

23

Utferkocht Mercator Kongres 'Shaping Policy for Minority Languages and Multilingualism'



24

Tusken de fyftich en hûndertfyftich oarkonden deis

Yn petear mei staaizerinner Ewoud van Aalst

25

Yn 'e kunde komme mei Jantine van der West

Nije meiwurker Citizen Science en Kennisbenutting

26

Publikaasjes

27

Personalia, Aginda



28

Gedicht Arjan Hut, 'Aureoal foar in akadeemje'

Wolle jo ek op 'e hichte bliuwe fan it lêste nijs fan de Fryske Akademy en de ûndersykprojekten fan har meiwurkers? Jo kinne josels fergees ynskriuwe foar ús nijsbrief, dy't tsien kear yn 't jier ferskynt. De nijsbrief is skreaun yn it Frysk, mei ferwizingen nei Nederlânske en Ingelske oersettingen.



Us Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen ferstjoert ek tsien kear yn it jier in nijsbrief; dy is Ingelsktalich. Wolle jo op 'e hichte bliuwe fan de aktiviteiten fan de kennisynstituten fan it Europeeske Mercator Network en tagelyk it lêste nijs ûntfange oer edukaasje en beliedsferoaringen oangeande minderheidstalen yn Europa?



foaropwurd

Grutsk

Dr. Nelleke IJssennagger-van der Pluijm, FSA
Direkteur-bestjoerder

It kin gjinien ûntgien wêze: we ha in nije útstrieling. Op de gesellige Akademydei, yn ús eigen binnentún, binne ús nije logo en de hússtyl feestlik presintearre yn de oanwêzigens fan de Kommissaris fan de Kening, ús stipers, ús kollega's, ús leden en ús gearwurkingspartners. "Fris", "fleurich" en "iepen" wiene de earste reaksjes dy't we krigen. Dizze reaksjes slute oan by hoe't wy as Fryske Akademy-stêf dizze nije styl belibje, en we fiele ús der yntusken fertroud mei.

It kin hast ek gjinien ûntgien wêze, dat op 16 oktober Kening Willem-Alexander op de Fryske Akademy op besite wie. De majesteit gie mei fiif wittenskippers en de direkteur yn petear oer it wurk fan de Fryske Akademy en it belang fan Fryske taal en kultuer. It wie bysûnder om te fernimmen hoe ynteressearre de kening is. De besite hat fansels ek media-oandacht krigen: op ús website en yn dizze Ut de Smidte kinne jo hjir mear oer lêze.

Dat ús wurk de ôfrûne tiid ek yn wittenskiplike kringen posityf ûntfongen is, lit it evaluaasje-rapport fan in ûnôfhinklike eksterne kommisje sjen. It rapport, makke yn opdracht fan 'e Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW), is basearre op in fisitaasje en in beoardieling fan ús selsevaluaasje, en wy meie as wurkmienskip mei-inoar grutsk wêze op dit resultaat. Mei de oanrekommandaasjes kinne we troch.

Fansels hoopje we noch mear minsken ynteressearre te krijen yn ús wurk. Dêrom bin we bliid dat Jantine van der West ûnderdiel wurden is fan de Fryske Akademy-mienskip, yn de funksje fan meiwurker *Citizen Science en Kennisbenutting*. Yn dit nûmer stelt sy har oan jo foar.

Ek troch ús publikaasjes, projekten, lêzings, de aktiviteiten fan ús wurkferbannen en troch gearwurkingen jouwe we de



resultaten fan ús ûndersyk hieltyd op 'e nij plak. Sa ha we bygelyks ynhâldlike stipe tasein oan it inisjatyf Magna Frisia, ha we in gearwurkingsoerienkomst tekene mei it KNAW Humanities Cluster en ha we meidien oan it Wykein fan de Wittenskip. Fansels is op de Fryske Akademy eltse dei der ien fan wittenskip, en oer de nijsgjirrige ûndersiken dy't op dit stuit plak fine lêze jo yn dizze Ut de Smidte. Ik winskje jo in soad lêswille. ●

kolofon

Ut de Smidte

fan de Fryske Akademy
blêd foar leden en stipers

Stipersbydrage

De stipersbydrage foar 2025 is op syn minst € 25,00. Foar stipers yn it bûtenlân en foar studinten binne de bedraggen respektivelik € 35,00 en € 20,00. It opsizzen fan it stiperskip moat fôar 1 desimber skriftlik trochdien wurde oan de stipersadministraasje fan de Fryske Akademy.

Redaksje

Inge Heslinga en
Jantine van der West

Kopij kin oer de mail stjoerd wurde oan: redaksje@fryske-akademy.nl
Mei de gewoane post nei:
Ut de Smidte
Postbus 54
8900 AB Ljouwert
Tel.: (058) 213 14 14

Foto's

Marieke Balk, Jacob van Essen / Hoge Noorden
Inge Heslinga, Anne Merkuur, Mitch de Pon, Mary van der Put, Claas Riecken / NFI, Foto Sam Ydwine R. Scarse, Jantine van der West

Foarmjouwing,
opmaak en print
GPN, De Jouwer

Besikersadres
Doelestrjitte 8
8911 DX Ljouwert
Tel.: (058) 213 14 14

✉ fa@fryske-akademy.nl
🏠 fryske-akademy.nl
✖ [@FryskeAkademy](https://www.facebook.com/FryskeAkademy)
📱 [FryskeAkademy](https://www.instagram.com/FryskeAkademy)
📺 [company/fryske-akademy](https://www.linkedin.com/company/fryske-akademy)
f [FryskeAkademy](https://www.facebook.com/FryskeAkademy)

Rekkennûmers

NL30RABO0130549681
NL32INGB0000923369

Kontaktpersoanen

Ried fan Tafersjoch
Foarsitter: Seerp Y. Leistra

Heechleararen

Universiteit van Amsterdam (UvA)
Prof. dr. Arjen Versloot
Universiteit Utrecht (UU)
Prof. dr. Hans Van de Velde

Direkteur-bestjoerder

Dr. Nelleke IJssennagger-van der Pluijm FSA

Kening op 'e Fryske Akademy



reportaazje



Op de Akademydei die de Kommissaris fan de Kening al in bytsje geheimsinnich: “De provinsje hat in kadoke foar de Fryske Akademy, mar we kinne noch net sizze wat it is. En jimme krije it ek noch net.” In pear wiken letter pas kaam de grutte ferrassing: Kening Willem-Alexander komt op wurkbesite by de Fryske Akademy om te praten oer de Fryske taal en kultuer.

Inge Heslinga

Op 16 oktober, yn de oanwêzigens fan Kommissaris fan de Kening Arno Brok en deputearre Eke Folkerts, gie Syn Majesteit de Kening yn petear mei direkteur-bestjoerder dr. Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm en fiif leden fan ús wittenskiplike stêf. Dr. Anne Merkuur (taalkundige), dr. Han Nijdam (histoarikus), dr. Jelske Dykstra (projektmanager Mercator), drs. Hindrik Sijens (leksikograaf) en promovendus Martijn Kingma fertelden de kening oer harren ûndersyk op it mêd fan de Frisistyk. Direkteur-bestjoerder Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm fûn it hiel bysûnder. “De kening wie goed ynlêzen, hy wie benijd nei wat wy allegear diene en hy hie ek ynteresse foar de posysje fan it Frysk yn fergeliking mei oare minderheidstalen yn Europa.” It wie in hiel noflik petear, fûn Ijssennagger-van der Pluijm. “De kening stelde goede fragen en kaam sels ek noch mei foarbylden. Elkenien oan tafel koe út syn of har eigen ekspertize wei wat meijaan oan de kening en dat rûn hiel organysk yn elkoar oer.”



In animearre petear

Taalkundige Anne Merkuur fûn it moai om oan de kening te fertellen hoe't wy op de Fryske Akademy de Fryske kasus brûke om gruttere wittenskiplike fragen beäntwurdzje te kinnen. "We hawwe it hân oer taalferoaring, oft de iene taal mear feroaret as de oare, oer wannear't de stavering oanpast wurdt. It wie in animearre petear."

It omtinken fan de kening foar it Frysk, en hoe't it Frysk funksjonearret hjoed-de-dei, is wat leksikograaf Hindrik Sijens graach beneame wol. "Wat wy dêr foar dogge en it ûnderysk dat wy dogge, dat koene we de kening goed útlizze." Ek kaam it digitale Frysk Rymwurdboek op Frysker.nl noch te praat. "Sa koene we sjen litte hoe't de technology tsjinstber is oan it promoatsjen fan it Frysk".



reportaazje

Nijsgjirrich

Jelske Dijkstra wie der wiis mei dat hja it ferhaal fan it Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen goed delsette koe. "Dêr wie alle romte foar yn it petear. Ik koe wize op ús partners yn it bûtenlân en op ús ynternasjonale gearwurking en de kening fûn it nijsgjirrich hoe't wy binnen Europa operearje." Sijens fult oan: "De kening is ek noch wat yngien op it Papiaments, omdat wy fan 'e middei gasten krije fan Curaçao. En hy neamde it Welsh as foarbyld, omdat er sels in Wales studearre hat."

Martijn Kingma hat oer syn ûndersyk ferteld en oer de tapassing dêrfan foar de takomst. "Ik haw ek sein dat it fûnemintel ûndersyk dat hjir bart hiel belangryk is. Sa as it ûndersyk dat wy dogge nei bygelyks hoe't it Frysk op skoallen wurket, en datst dan dêrnei it twa- en trijetalich ûnderwiis werom sjochst yn de BFTK. It wie moai om te sjen dat de kening dêr ek omtinken foar hie."

Kennisynfrastruktuer

Nei de besite oan de Fryske Akademy stuts de kening mei syn gefolch de dyk oer om in besite te bringen oan ús kennispartners, it histoarysk en letterkundich sintrum Tresoar en opliedingsynstitút en útjouwerij Afûk. Ijssennagger-van der Pluijm: "Doe't we hearden dat de kening by ús alletrije delkaam hawwe we it der fansels oer hân mei de ynstituten. Elk ynstitút hie in krekt wat oare opdracht om oan de kening sjen te litten, mar ik tink dat dat júst hiel moai oanslút by hoe't we dochs ek al gearwurkje en hoe't de kennisynfrastruktuer hjir wurket." De foto's binne makke troch Marieke Balk. Op ús webside fine jo in wiidweidige fotoreportaazje fan de besite, fan foar en efter de skermen. ●



Fryske Akademy tekenet yntinsje-ferklearring Magna Frisia

De Fryske Akademy hat in yntinsjeferklearring foar ynhâldlike gearwurking tekene mei de projektgroep dy't wurket oan de plannen foar it midsiuwske museumdoarp Magna Frisia. Dit iepenloftmuseum, dat yn 2027 by de Lauwersmar ferrize moat, sil de besikers meinimme nei it Fryslân fan de perioade tusken de 5e en de 7e iuw. De Fryske Akademy sil, lykas it Fries Museum, it projekt ynhâldlik stypje, dat wol sizze: mei ús ekspertize. ●

Beam oanbean oan Buma ↓

De Fryske Akademy is al 85 jier bewoartele yn de Fryske haadstêd. Yn it ramt fan dat jubileum hat de Fryske Akademy in ikebeam oanbean oan boargemaster Buma en de gemeente Ljouwert. De beam is plante boppe-op de heuvel yn it parkje oan de Westerplantaazje yn Ljouwert. ●



Eksterne kommisje oer Fryske Akademy: "Yndrukwekkend sterk."

"De Fryske Akademy hat yndrukwekkend sterke kapasiteiten sjen litten op ferskate mêden, wêrûnder ûndersykskwaliteit, maatskiplike relevânsje en akademyske kultuer." Dit binne wurden út de konklúzje yn it evaluaasjerapport fan in ûnôfhinklike ynternasjonale kommisje, dy't yn opdracht fan de Koninklijke Nederlandse Akademie

van Wetenschappen (KNAW) it wittenskiplik ûndersyk fan de Fryske Akademy, en dêrmei ek fan it Mercator Europeesk Kennisintrum, yn de referinsjeperioade 2020-2023 beoardiele hat. It rapport beklammet it sukses yn it fersterkjen fan regionale en ynternasjonale gearwurkingsferbannen, de multidisziplinêre oepak fan de frisistyk en it feit dat de ynstelling ynspilet op maatskiplik ferlet troch útwreiding fan ûndersyksgebieten en digitale inisjativen. Nelleke IJssennagger-van der Pluijm, direkteur-bestjoerder seit dan ek: "Wy binne tige bliid dat de kommisje de kwaliteit fan ús ûndersyk, mar ek fan ús ûndersyksmienskip, erkent. It rapport ûnderskriuwt it fierdere potinsjeel foar de takomst en moediget ús oan om troch te gean op de wei dy't wy ynslein binne. Hjir bin we grutsk op." ●

Oerdracht HisGIS oan KNAW Humanities Cluster

De Fryske Akademy en it KNAW Humanities Cluster hawwe in gearwurkingsoerienkomst tekene om de ynbêding fan it Histoarysk-Geografysk Ynformaasje Systeem (HisGIS) yn de nasjonale ynfrastruktuer te bekrêftigjen. Mei de oerdracht fan de data, software en koade fan HisGIS nei it KNAW Humanities Cluster kinne no stappen set wurde om de ynfrastruktuer fierder út te rôljen yn Nederlân en op te nimmen yn CLARIAH, de nasjonale ûndersyksynfrastruktuer foar de geasteswittenskippen yn Nederlân. ●

Tsiende-iuwsk Fikingswurd-fragment fûn yn Fryske -boaiem ↑

It Fries Museum en de Fryske Akademy hawwe in opmerlike archeologyske ûntdekking presintearre: in fragment fan in Fikingswurd út de tsiende iuw, ûntdutsen troch Sander Visser yn 'e omkriten fan Wytmarsum. It giet om



in pommelkape, dy't ea it hânfet fan in swurd bebroande en mooglik fergulde west hat. Dit útsûnderlike fragmint, it earste yn syn soart dat yn Nederlân fûn is, biedt in seldsum ynsjoch yn de ynterkulturele netwurken fan de Fikingwrâld en de krúsjale rol dy't Frisia dêryn spile hat. De Fryske Akademy en it Fries Museum dogge mei-inoar neier ûndersyk nei de fynst, dy't taheakke is oan de kolleksje fan it museum. Yn de folgjende edysje fan Ut de Smidte geane we djipper op dit ûnderwerp yn. [Foto: Jacob van Essen, Hoge Noorden] ●

Nije leden Fryske Akademy

As wittenskiplik ynstút hat de Fryske Akademy al sûnt de oprjochting leden. Akademyleden binne persoanen fan rûnom op 'e wrâld, dy't de ûnderskieding wurdich binne op grûn fan fertsjinsten op it mêd fan de Fryske wittenskip, fertsjinsten foar de Fryske kultuer, of in grutte, oanhâldende niget oan de wittenskip of foar de Fryske kultuer yn it algemien. Stipers en leden fan 'e Fryske Akademy kinne it hiele jier troch lju foar beneaming ta lid fan 'e Fryske Akademy foardrage. Foar in beneaming op de Akademydei op 12 septimber 2025 moatte foardrachten op snein 31 maart 2025 yntsjinne wêze. ●

koart nijs

Besite ambassadeur fan Japan →

De ambassadeur fan Japan, Hiroshi Minami, kaam nei de Fryske Akademy yn it selskip fan honorair consul Frans de Beaufort en boargemaster Buma fan Ljouwert. Nei in hertlik wolkom fan direkteur-bestjoerder dr. Nelleke IJssennagger-van der Pluijm, fertelden (âld)-kollega's dr. Tseard de Graaf en dr. Anne Dykstra oer harren relaasje mei de professoaren Kodama en Shimizu, dy't Japansk-Fryske wurdboeken en grammatika's skreaun hawwe, en oer oare ûndersyksprojekten yn relaasje ta Japan. De Japanske ambassadeur kaam nei Fryslân om mear te learen oer de bannen mei Japan op it mêd fan wittenskip en kultuer, en hy wie dan ek ferrast om te hearren oer de jierrenlange wittenskiplike útwikseling tusken de Fryske Akademy en Japanske universiteiten. *[Foto: Mitch de Pon]* ●



Fedde Schurerlêzing 2024: De Friezen en har ferhalen

Op sneon 16 novimber waard yn Tresoar de fyftjinde Fedde Schurerlêzing hâlden, organisearre troch de Ried fan de Fryske Beweging, yn gearwurking mei Tresoar, Fryske Akademy en de Ljouwerter Krante. Flip van Doorn en Sietske Poepjes joegen beide in lêzing oer it tema 'De Friezen en har ferhalen: de ivige paradoks', Piter Wilkens fersoarge it muzikaal yntermezzo. ●

Erasmus-projekt OWL+ suksesfol ôfsletten →

Yn novimber organisearre it Mercator-team fan it OWL+-projekt as ôfsluting it evenemint 'Forum foar edukaasje yn in minderheidstaal – it Frysk en oare minderheidstalen yn Europa' yn Tresoar. OWL+ wie in Erasmus+-projekt, dat him rjochtet op it bieden fan mooglikheden foar dosinten fan minderheidstalen om de lessen op in ynnovative wize yn te foljen. Foar it evenemint kamen fertsjintwurdigers fan Mercators partnerorganisaasjes yn Portugal, Noarwegen, Estlân en Letlân nei Ljouwert ta. ●



Obe Postmapriis

De Dr. Obe Postmapriis 2024 is takend oan Willem Schoorstra foar syn boek De Poëtyske Edda. Dr. Simon Halink, ûndersiker by de Fryske Akademy, hat de ynliding by it boek skreaun en dêryn in link lein tusken de Iislânske mytology en de Fryske kultuer. ●

PLURILINGMEDIA

Mercator/Fryske Akademy partisipearret yn it Europeeske PLURILINGMEDIA Cost Action initiative, dat wittenskippers, mediaprofessionals en oare belanghawwenden byinoar bringt om de útdagingen fan de digitalisaasje fan taalferskaat oan te gean. Mercators projektlieder Jelske Dijkstra wie begjin oktober by de startsesje yn Brussel. ●

Wykein fan de Wittenskip

Yn Ljouwert en Frjentsjer hawwe kollega's fan de Fryske Akademy/Mercator meiwurke oan it Wykein fan de Wittenskip. Yn it gebou fan Campus Fryslân fertelde Pieter Duijff oer de iepen eien fan in taal en Martine Jansen fersoarge trije taalworkshops foar bern. Yn Frjentsjer makke Eduard Drenth rym en rap mei help fan it Frysk rymwurdboek. ●

Hindrik Sijens op 'e nij yn Euralex-bestjoer

Leksikograaf Hindrik Sijens mei nochris twa jier diel útmeitsje fan it bestjoer fan Euralex, de European Association for Lexicography. Hy waard op 'e nij keazen as assistint-ponghâlder op it 21ste EURALEX International Congress on Lexicography and Semantics yn Kroasië. ●

Nij logo, nije foarmjouwing

Inge Heslinga

85 jier wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske kasje betsjut ek dat wy by de Fryske Akademy al 85 jier ús bêst dogge om ús ûndersykswurk sichtber en brûkber te meitsjen. Foar ús efterban, foar de provinsje Fryslân en yn tanimmende mate foar de hiele, digitale wrâld.

Mei de komst fan ús nije direkteur-bestjoerder yn 2021, mei in nij gearstald ûndersyksprogramma fol ambysjes, mei in oanskerpte fyzje op wêr't wy foar steane en wêr't wy yn de takomst nei ta wolle, én mei in flinke ferjonging fan it personielsbestân, ûntstie ek de winsk om ússels op in nije manier sjen te litten.



Wjukjes

Yn 2022 barde dat al mei in oanpassing fan de hússtyl. De wjukjes yn it âlde jierren-80-logo, dy't fansels symboal steane foar de swan op de gevel oan de foarside fan ús gebou, dy waarden lytser. De letters wat grutter en minder klassyk, der kamen wat nije steunkleuren by... Mar altyd wol mei yn ús achterholle: it soe moai wêze as der in folslein nije hússtyl komt.

Doe't ek de website fan de Fryske Akademy en Mercator technysk sjoen hast op omfallen stie, wie it de heechste tiid om alles yn ien kear te fernijen. Mar ja, hoe pakst dat dan oan?

Keurmerk

Wy hawwe likernôch in tredde fan ús kollega's - fan alle leeftiden en funksjes - frege om mei ús mei te tinken. Want wat typearret de Fryske Akademy? Hoe sjogge de minsken ús no en hoe wolle wy graach dat sy ús sjogge yn de takomst?

It meast neamd waarden eigenskippen as betrouber, útnûgjend, transparant, iepen, pro-aktyf. De Fryske Akademy moat in echt merk wêze, in keurmerk, sei ien kollega, en stean foar krêft en kwaliteit.

Alle antwurden hawwe we sammele en as ynput jûn oan de ûntwerpers fan buro GPNo fan 'e Jouwer. Michel Montsma en Bouwe Huisman kenne ús goed en snappe dat wy altyd de balâns sykje tusken wittenskip en mienskip.

Middelpunt fan de Frisistyk

GPNo kaam mei in tal útstellen en ideeën, en fan ien ûntwerp wiene wy fuortdaliks ûnder de yndruk. Dat iene idee hawwe sy fierder útwurke ta in logo dêr't wy de



kommende jierren fierder mei gean. En it is net allinnich in logo. Dêr heart fansels ek in nije hússtyl by, mei nije frisse kleuren, dy't wy de kommende tiid trochfiere sille yn al ús uteringen. Op ús kopjes, ús pennen, ús Ut de Smidte. Us nije website is yntusken al online.

Dit moaie, nije en frisse logo is ûntstien út de gedachte wei dat wy as wittenskippers de kearn sykje. Mar ek dat wy it middelpunt fan de Frisistyk binne en wêze wolle. It logo liket in labyrinth, mar is wol sa iepen dat elkenien altyd binnenkomme mei en syn paad fine kin. De foarmen binne strak, tagonklik, dúdlik, mar ek boartlik. De A yn it logo liket sels op in plakwizer op in digitale kaart. Sa fan: Hjir moast wêze! Mar it hat ek wol wat wei fan de foarm fan de provinsje Fryslân, mei de eilannen deromhinne.

Wy hoopje dat elkenien ús nije logo omearmje sil, lykas wy dat no al dogge. Want wy, de meiwurkers, bliuwe itselde: ek de kommende 85 jier sille wy ús ynsette foar de Frisistyk. Mar dan wol mei in nij, fris jaske. ●



In nij Aldfrysk fragmint út Wenen

It hat de ôfrûne wiken folop yn it nijs west: der binne nije fragminten fûn fan Aldfryske teksten. Yn 2022 binne oan de Nasjonale Biblioteek fan Eastenryk yn Wenen 12 fellen skonken dy't ôfkomstich wiene út in hânskrift of codex dy't fierders ferlern gongen is. Op dy 12 fellen (of 24 siden) stean fragminten fan trije Latynsktalige en twa Aldfryske teksten.

Dr. Han Nijdam

De konservator fan de biblioteek rôp de ekspertize fan de Eastenrykske heechlearaar Robert Nedoma yn. Nedoma hat him dêrnei op de bestudearring fan de fragminten smiten en ien fan de twa Aldfryske teksten útjûn yn it lêste nûmer fan it tydskrift *Die Sprache*.

Wylkarren fan de Fiif Dielen

It earste fragmint befettet in grut stik fan de saneamde *Wylkarren fan de Fiif Dielen*. Wy kinne dizze tekst út trije oare Westerlauwerske (dat is: út ús Fryslân) redaksjes. Dy redaksjes wike bot fan mekoar ôf: de iene hat 35 bepalingen en de oare wol 41. It Weenske fragmint rint hielendal gelyk mei de redaksje fan it hânskrift Jus Municipale Frisonum, fan bepaling 15 oant en mei 41. Wy witte dêrom krekt wat dêr mist, wêrtroch't wy ek ynskatte kinne dat dy earste 14 bepalingen op twa siden pasten. Wy misse dus ien fel fan dizze codes foar wat dizze Aldfryske tekst oanbelanget.

Wat dit fragmint bysûnder makket, is it soart Aldfrysk dêr't it yn skreaun is. De Aldfryske oerlevering is ûnderferdielt yn in Easterlauwerske en in Westerlauwerske oerlevering. De earste komt út it gebiet tusken Lauwers en Weser en de twadde út ús Fryslân. De Easterlauwerske oerlevering is sa likernôch 150 jier âlder as de Westerlauwerske. De lêste jierren hat lykwols bliken dien, dat ek de Westerlauwerske hânskriften hiele âlde lagen befetsje. En dan docht bliken dat ek yn ús Fryslân al sûnt it begjin (nei alle gedachten yn de 11e iuw) Aldfrysk skreaun is. Allinne binne dy âldste hânskriften net bewarre bleaun.

De Fryske Akademy is yn gearwurking mei de Universiteit fan Amsterdam dwaande mei it opstarten fan in ûndersyksprojekt mei de titel 'De woartels fan it Westerlauwersk Frysk'. Yn dat projekt wurdt ynterdissiplinêr ûndersyk dien om de âldste lagen fan de Westerlauwerske tradysje bleat te lizzen.



Bejin fan de *Wylkarren fan de Fiif Dielen* yn *Freeska Landriucht* (Tresoar B 38831 Kluis, p. 125)

Stik fan de *Wylkarren fan de Fiif Dielen* yn it *Weenske Fragmint* (Österreichische Nationalbibliothek, Fragm. 1780, bild 22)

Side mei *Excerpta Legumtekst* yn it *Weenske Fragmint* (Österreichische Nationalbibliothek, Fragm. 1780, bild 21)

ûndersyk

It Weenske fragmint is in hiele moaie oanfolling op ús boarnemateriaal. It giet om in 15e-iuwsk hânskrikt dat frij konsistint it foarbyld út it begjin fan de 14e iuw kopieard hat. Wy witte dat dat ek it gefal wie by Codex Unia, omdat it yn 1475 skreaun is troch de ealman Syds Unia, dy't dus ek in hiel argaysk foarbyld foar syn noas hie. Mar Codex Unia is ferdwûn en wy kenne it allinne tanksy de ôfskriften dy't yn de 17e iuw makke binne. It Weenske fragmint is wol orizjineel en dêrmei unyk.


Excerpta Legum

It twadde fragmint omfiemet ien inkelde side. Dit fragmint is net útjûn troch Robert Nedoma, omdat it frij dreech is om te ûntseferjen as jo net betûft binne yn dizze Aldfryske teksttradysje.

Koart nei 1400 ûntstie der in nije Fryske rjochtstektradysje. Men gong oer op it yntegrearjen fan it Fryske ynheemske rjocht mei it gelearde rjocht dat yn hiel Europa bestudearre en brûkt waard; it kanonike en Romeinske rjocht. Dat late ta in tradysje dy't *Excerpta Legum* of *Jurisprudentia Frisica* neamd wurdt. It twadde Weenske fragmint is ien side út dy tradysje. Op de Fryske Akademy is al fiif jier in team dwaande mei de útjefte fan de tekst *Jurisprudentia Frisica* yn Kodeks

Roorda. Dat team bestiet út prof.em.mr. Jan Hallebeek, prof.dr.mr. Hylkje de Jong (beide Vrije Universiteit Amsterdam), dr. Han Nijdam, dr. Oebele Vries (beide Fryske Akademy) en dr. Marvin Wiegand. Foar dit team wie it oplossen fan dizze iene side net in drege put. Yn twa wiken hiene wy de transkripsje en de oersetting fan de tekst klear.

De útkomsten sille takom jier publisearre wurde yn *Die Sprache*, itselde tydskrift dêr't Robert Nedoma de edysje en oersetting fan it earste fragmint yn publisearre hat. De opbringst fan dit twadde fragmint, dat fiif bepalings befettet, binne twa bepalings dêr't net in parallel foar te finen is yn wat ús oant no ta oerlevere is. Ek de gearstalling fan it gehiel hat net in parallel yn de besteande *Excerpta Legum / Jurisprudentia Frisica*-tradysje. It liket der op dat wy te krijen hawwe mei in oant no ta ûnbekinde sydtûke fan *Excerpta Legum* út it begjin fan de 15e iuw. Elts fragmint mei Aldfrysk materiaal dat ûntdutsen wurdt, smyt dus nije kennis op. Wat der bewarre is oan Aldfryske hânskriften is mar in fraksje fan wat der west hat, en eltse nije fynst toant dat oan. De twa Weenske fragminten hawwe ús kennis fan it Aldfrysk bot ferrike. ●



Begjin fan de Wilkarren fan de Fijf Dielen yn Codex Unia (Oxford, Bodleian Library, ms. Junius 49, fol. 31r)

Begjin fan de Wilkarren fan de Fijf Dielen yn Jus Municipale Frisonum (Tresoar, Von Richthofen kolleksje, R5, fol. 86v)

Akademydei 2024

Tusken de iuwenâlde beammen en gebouwen, yn de histoaryske binnentún fan it Coulonhûs yn Ljouwert, hat de Fryske Akademy op freed 13 septimber 2024 it 85ste jubileumjier feestlik ôfsletten. Mei gasten as Kommissaris fan de Kening Arno Brok, boargemaster fan Ljouwert Sybrand Buma en dichter fan Fryslân Arjan Hut, mei de beneaming fan de leden Eppie Dam en Ammerins Moss-de-Boer, mei de útrikking fan de skripsjepriis oan Sannah Debreczeni (en in earfolle fermelding foar Herman van Vliet), mei in lêzing fan Henk Wolf, en mei muzyk fan Hot & Toasty, kinne we weromsjen op in goed slagge dei.

Dr. Liuwe Westra skreau de laudaasjes foar de nije leden. De foto's binne makke troch Marieke Balk.

Oer Eppie Dam

Liuwe Westra

Eppie Dam hat wolris skreaun dat er net fan it Frysk hâldt. Hy hâldt net fan talen, hy hâldt fan minsken. Dus hy hâldt net fan it Frysk, mar hy skriuwt der al yn. Hy hat ek wolris skreaun dat er it Frysk net moai fynt. Talen binne net moai, neffens him, talen kinne allinnich moai makke wurde troch literatuer te skeppen yn dy talen. Hy giet net sa fier te sizzen dat hy ien fan 'e minsken is dy't dat docht, it Frysk moai meitsje troch der literatuer yn te skeppen. Wat dat oanbelanget is Eppie Dam in echte Fries. Mar hy docht it al.

Eppie Dam hat foar, tidens en nei syn wurksom libben as skoalmaster, earst op Urk, doe yn Balk, ûnbidich bydroegen ta de Fryske literatuer. Hy hat dêrby it gelok hân, dat er breed foarme is troch Lipkje Post-Beuckens en Jacobus Knol - de iene in grinsferlizzend Frysk dichter, de oare ien dy't altyd warber wie, ek foar

de Fryske Akademy, om literatuer ûnder minsken te krijen -, mar ek troch poësjie-ekspert Ties Jan Eekhof en troch net ien minder as de Nederlânske dichter Ad den Besten.

Mar skriuwen moat men sels dwaan. Net ien hat tsjin Eppie Dam sein, dat er in stik as 20 dichtbondels publisearje moast. Mar hy hat it al dien, en ien dêrfan is yn 2017 bekoane mei de Gysbert Japiks-priis, Fallend ljocht. Njonken dy dichtbondels is der in tal berneboeken, yn 'e selde oarder fan grutte. Guon fan dy berneboeken, skriuwt Dam sels, hawwe jonge minsken it Frysk lêzen mei leard. Nije lêzers foar in taal winne, dat is suver in hegere ûnderskieding as watfoar literêre priis ek. En dan binne der noch tsientallen lieten, oratoria, liturgyen en kantates dêr't Eppie Dam de tekst foar levere hat en dy't minsken it gefoel jûn hawwe, dat



dêryn har djipste libbensoertsjûging oansprekkend ferwurde is. Minsken teksten oanrikke dy't har reitsje foarby libben en dea - grutter bekoaning is der net.

Mar lit ús hjoed mei beide fuotten op 'e grûn bliuwe. Eppie Dam skriuwt ek resinsjes dy't ta de saak dogge, flymskerpe kollums en net te ferjitten fiksje en non-fiksje oer folksfermaak nûmer 1: sport. Al bliuwt it apart, dat



reportaazje

Eppie oan de Dam-sport oant no ta gjin wurden smoarch makke hat. Hy neamt himsels gjin Frysk beweger, mar hy hat wol in miening oer de takomst fan it Frysk: 'De taal oerlibbet allinnich as der dingen yn skreaun binne dy't it folk de

muoite fan it lêzen wurdich fynt.' Wolno, syn wurk fine in protte minsken it lêzen mear as wurdich. Hy mei dan neffens eigen sizzen net fan it Frysk hâlde en it net in moaie taal fine, hy makket wol moaie dingen yn dy taal en hy docht der in soad

foar. Om in oare útspraak fan him justjes te parafreearjen: 'Skriuwer fan Fryslân binne jo foar ivich of jo binne it net.' Hy is it, en dêrom wurdt Eppie Dam beneamd ta lid fan 'e Fryske Akademy.



Oer Ammerins Moss-de Boer

Liuwe Westra

Yn 'e foardracht dy't laat hat ta dizze laudaasje wurdt Ammerins Moss beskreaun as ien mei 'in rappe geast, in brede maatskiplike belangstelling, analytysk fermogen, erudysje, in grut ûnthâld en in praktyske ynstelling'. Dat binne fansels stik foar stik skoandere eigenskippen. Mar it paad nei in momint lykas ditte rint net fia persoanlikheidskaaimerken en karaktereigenskippen.

By Ammerins Moss is dat paad faaks wol begûn yn Rinsumageast, dêr't se bewust mei it Frysk grutwurden is en gauris in Fryske preek beharre. Dêrwei rint dat paad fierder nei Ierlân, dêr't se yn en nei har studintetiid in skoft taholden hat. Mar it paad rint ek troch de koroanatiid, doe't se begûn mei it meitsjen fan oersettings yn it Frysk.

As it ferhaal fan Ierlân en de Ieren jo ien ding leart, dan is dat it belang fan romte foar jins eigen lûd. Miskien is it dêrom, dat Ammerins Moss nei har stúdzje begûn as tolk-oersetter, en dêr wilens in eigen bedriuw yn hat: Babylonia. Net om minsken útinoar te driuwen, mar om minsken romte te jaan. Dêrby hat se in foarkar foar minsken dy't kwa sûnens of maatskiplike posysje yn 'e knipe komme, en sadwaande ferlet hawwe fan in tolk op medysk of juridysk mêd. It bysûndere is, dat hja dêrby ek de Fryske minske op it each hat. Sa is se net allinnich beëdigde tolk-oersetter fan it Ingelsk nei

it Nederlânsk, mar sûnt 2021 ek fan it Ingelsk nei it Frysk en oarsom. En se is ien fan 'e driuwende krêften efter de beweging om in bettere regeling te krijen foar de Fryske tolken by de rjochtbank.

Mar it giet har net allinnich om de Fryske minske persoanlik, mar ek om de kollektive stim fan alle Frysktaligen: de stim fan 'e literatuer. Literatuer kin men sjen as de reaksje fan minsken dy't deselde taal prate op ûntjouwings yn 'e hieltyd feroarjende wrâld om ús hinne. Dy wrâld bliuwt nea itselde, en dêrom ûntstiet der ek hieltyd nije literatuer: nije foarmen, nije ferhalen, nije lûden. Dat kin allinnich as der skriuwers binne: minsken dy't de eagen iepen hawwe, en fan wat se sjogge keunst witte te meitsjen. Dy skriuwers binne yn Fryslân feriene yn it Skriuwersbûn. Want skriuwen, dat wit Ammerins Moss as gjin oar, giet net fansels - sels har rappe geast, erudysje en praktyske ynstelling hie wol seis wike wurk om har earste boek, *De lêste oerstek*, te meitsjen. En dan noch wie it boek der net kommen sûnder in konkrete fraach en in stimulâns fan bûtenôf. Skriuwers moatte net allinnich lêzen wurde, mar ek sjoen en heard. Sûnt Ammerins Moss yn it bestjoer sit fan it Skriuwersbûn, sit it mei dy sicht- en hearberens fan 'e skriuwers wol goed. Ien kear yn 'e wike skriuwt se it saneamde *Dripke*, ien kear yn 'e moanne is se derby op 'e buorrel en wannear oft it mar nedich is, docht se it wurd út namme fan 'e



skriuwers op it Provinsjehûs of sels op 'e Fryske Akademy.

Ammerins Moss is ien, dy't de Fryske minske de kâns jout om him- of harsels hearre te litten mei it eigen lûd, just op mominten dat it derop oankomt, en hja stimulearret de Fryske mienskip om mei in eigen lûd mei te dwaan yn 'e wrâld. Oars sein, hja wurket deroan, dat de Fryske taal wer in generaasje lang de muoite fan it bestudearjen wurdich is. Dat sadwaande wurdt Ammerins Moss-de Boer beneamd ta lid fan 'e Fryske Akademy. ●



Debat Lânboukundich Wurkferbân:

Molke en de melkfeehâlderij fertsjinje in better imago

Truus Steenbruggen

Molke is sûn. Nutriïnten en fitaminen binne better opnimber as dy út plantaardige alternativen. Ôfset tsjin de fiedingswearde is de CO2-fuotprint fan suvel produsearre yn Nederlân ferlykber mei dy fan bygelyks soaja- en havermolke dêr't stoffen (bygelyks kalsium) oan tafoege binne. Molke, en de melkfeehâlderij, fertsjinje dan ek in better imago. Dat freget om ynnovaasje fan de wize wêrop't de suvelsektor yn de merk set wurdt.

Dit wie de haadline út it debat dat 17 oktober yn it Fries Lânboumuseum hâlden waard, op inisjatyf fan it Lânboukundich Wurkferbân fan de Fryske Akademy.

Peter de Jong, lektor duorsume suvel- en fiedsel-ferwurking fan *Van Hall Larenstein*, ljochte oan de hân fan syn ûndersyksresultaten de geunstige fergeliking fan suvel en plantaardige alternativen ta. De Jong bliek in waarm pleitbesoarger fan suvel, mar om te foarsjen yn de tanimmende fraach nei aaiwiten wrâldwiid, binne plantaardige produkten ûnmisber. De Jong sjocht kânsen foar hybride produkten, wêryn't de goede eigenskippen fan dierlik en plantaardich kombinearre wurde. Ek ûnderskriuwt er dat in fierdere ferduorsuming fan de suvelketen nedich is, sawol wrâldwiid (de CO2-fuotprint is globaal it dûbele fan Nederlân) as yn ús lân sels: hjir sjocht er kânsen foar 40% emisjereduksje yn 2030.

De Jong krijt dêryn byfal fan Tjeerd Jongsma, direkteur fan *Fascinating*, in duorsumensprogramma foar agrofood yn Grins. Jongsma ferwiist nei grutskalige dongfergistingprojekten yn Twinte en, noch yn tarieding, Fryslân (Wynjewâld, Nij Beets). De technyk

is der al, no de romte en de finansiering noch. *Fascinating* rjochtet him op weardefermeardering yn agrofoodketens. Under it motto 'net folje mar fuorje' wurket it bedriuw oan fersterking fan de boaiemsûnens, mei de ferwachting dat dit de fiedingswearde fan gewaaksen ferheget.

Hoe kinne wy it imago fan molke as sûn produkt fersterkje? En wat sil de melkfeehâlderij dwaan om de sympaty fan de maatskippij te behâlden? Dat binne wichtige punten út it debat fan sprekkers en publyk, laat troch Jan Klink, programmalieder fan de *Agro Agenda Noord Nederland*. Sûnder aksje driget de sektor de barge- en hinnehâlderij efternei te gean, waard opmurken. Ferskate foarstellen waarden oandroegen: sjoch ris hoe't Wakker Dier it docht, wurkje mei *influencers*, ensafuorthinne. In goed ferhaal wurdt leaud, feiten litte se los, jouwe De Jong en Jongsma oan. Dúdlik is dat der op dit punt noch in soad wurk te fersetten is.

Mear ynformaasje oer de debatten dy't yn 2025 organisearre wurde troch it Lânboukundich Wurkferbân fine jo op ús webside. ●



Genealogysk ûndersyk as basis

Friezen mei op de walfiskfeart

Jantine van der West

Op 26 oktober joech Karel Oosterling, skriuwer fan it boek *De Walvisvaart in de 17e en 18e eeuw, in lêzing yn Tresoar oer itselde ûnderwerp mei in fokus op de rol fan Fryslân yn de walfiskfeart. De gearkomste waard organisearre troch it Genealogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy.*

Oosterling ûntwikkele syn ynteresse foar dit ûnderwerp wylst hy ûndersyk die nei syn foarâlden en de famyljenamme 'Oosterling'. Sa ûntduts hy dat ien fan syn foarâlden seis generaasjes werom kommandeur wie op de walfiskfeart. Dizze Hendrik Jacobsz Oosterling kaam út Buren op It Amelân en ek syn heit, Jacob Hendriksz, ferfolle de funksje fan kommandeur. Genealogysk ûndersyk stie dus oan 'e basis fan it ûntstien fan dit boek.

Gefaarlik wurk

Yn de 17e en 18e iuw spile ús lân in wichtige rol yn de walfiskfangst. It fangen fan walfisken wie lykwols gefaarlik wurk. Yn de fangslope sieten sa'n seis minsken: de harpoenier (meastal de kommandeur), de stjoerman, de roeiers en de lynsjitters. Sadree't de harpoen yn de walfisk slein wie, wie it krúsjaal om út de buert fan de sturt te bliuwen, omdat de walfisk mei syn sturt de sloep maklik ferwoastje kinne soe. Dûkte de walfisk nei de djippte, dan moasten de touwen trochkapt wurde om foar te kommen dat se meisleapt waarden.

Kommandeurs fan de walfiskfeart kamen benammen fan de Noardseekust, de eilannen en de plakken oan de Sudersee. Ek de Noardfryske (doedestiids Deenske) eilannen en Borkum leveren kommandeurs. 18% fan 'e kommandeurs kaam út it hjoeddeiske Fryslân, benammen fan It Amelân, Skylge en Flylân. Harren wurkgebieten wiene Spitsbergen, Nova Zembla en oan 'e westkant fan Grienlân.

Oosterling hat sels ek nei Grienlân west om te sjen wat dêr noch fan dizze histoarje te finen is, mar in protte dokuminten lizze op de seeboaiem: it argyf soe mei in skip nei Denemarken ferfierd wurde, mar it skip sonk en de dokuminten wiene foar altyd ferlern. Dochs is Oosterling deryn slagge om in wiidweidich oersjoch te jaan fan de walfiskfeart yn Nederlân yn 'e 17e en 18e iuw, resultaat fan sa'n fiif jier ûndersyk. Tige nijsgjirrich foar genealogen binne de krekt sa wiidweidige kommandeurs- en rederslisten per regio. ●



*Walvisvangst in de Poolzee –
schilderij van Abraham Storck
(publiek domein, wiki)*



Dirk Piebes Sjollema - Sepiatekening: de oerstreaming te Vierhuis (1825).

Symposium De “fergetten” wettersneedramp fan 1825

Op 12 april 2025 organisearret de Wurkgroep Maritime Skiednis fan de Fryske Akademy, yn oparbeidzjen mei it Fries Scheepvaart Museum en Tresoar, in symposium oangeande de betinking fan de “fergetten” natuerramp fan 1825. Lotte Jensen (Radboud Universiteit Nijmegen), auteur fan it bekroande boek *Wij en het water*, sil as haadsprekker in lêzing hâlde. Koartere foardrachten wurde fersoarge troch ûnder mear de saakkundigen Otto Knottnerus, Frits David Zeiler en Dirk-Jan Wagenaar. Hja geane yn op 'e wettersneed yn it Noard-Nederlânske en Noard-Dútske Waadgebiet, de tsjinramp yn Fryslân en op eigentiidske tsjûgenissen en egodokuminten.

It symposium wurdt organisearre yn it Woudagemaal op 'e Lemmer. De oanfang is 11:00 oere. De gearkomste is ien fan de aktiviteiten dy't organisearre wurdt yn it ramt fan it betinken fan de oerstreaming fan 1825, in inisjatyf fan de wurkgroep 'De Vergeten Watersnood van 1825'. Neiere ynformaasje oer de ynfolling fan it programma, de rûnlieding yn it Woudagemaal, de kosten foar de dielnimmers en de oanmelding folget fia de nijsbrieven en websites fan de Fryske Akademy en it Fries Scheepvaart Museum. ●

Presintaasje Genealogysk Jierboek 2024

Op sneon 30 novimber presintearre it Genealogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy it Genealogysk Jierboek 2024. De presintaasje waard hâlden yn Tresoar, mei lêzingen oer de parenteel fan Simon Juckes de Geest, Vomelius Wommels, hear Haye Hoytez en syn erfgenamten en Van der Burch. De Fryske Rie foar Heraldryk, ek ûnderdiel fan de Fryske Akademy, presintearre de wapenregistraasje dy't opnommen is yn it jierboek.

Bysûnder om út te ljochtsjen wie de presintaasje oer de parenteel fan Simon Juckes de Geest, heit fan His, Gelis en skilder Wybrand de Geest. Op fersyk fan Marlies Stoter, konservator Alde Keunst by it Fries Museum, gie it Genealogysk Wurkferbân oan de slach om in aktualisearre genealogysk oersjoch te meitsjen fan Wybrand de Geest (1592-1663/1665). Fan begjin septimber 2025 oant maart 2026 sil it Fries Museum yn Ljouwert in grutte útstalling organisearje oer de Fryske 17e-iuwske skilder Wybrand de Geest, dy't bekend is om syn portretten fan de steedhâlderlike famylje, adel en hege offisieren. It fernijde parenteel, dat skreaun is troch Gosse van der Plaats en Mieke Breij, sil as basisdokumint brûkt wurde foar it publyksboek mei essays dat by de tentoanstelling heart.

It Genealogysk Jierboek wurdt sûnt 1951 útjûn troch de Fryske Akademy en stiet ûnder redaksje fan leden fan it Genealogysk Wurkferbân. Einredakteur Ype Brouwers hat op 30 novimber as earste it Genealogysk Jierboek oerlange oan foarsitter fan it wurkferbân Gosse van der Plaats. It Genealogysk Jierboek is te keap by de Afûk. ●



Gosse van der Plaats (l.) en Ype Brouwers.
Foto: Mary van der Put.

út it fjild

Robbert Velt dielt syn fynsten mei de leden fan it wurkferbân. →

Akademylêzingen fan start

Op freed 22 novimber sette de 65ste rige Akademylêzingen útein. Dit binne 6 publykslêzingen ferspraat oer it winterskoft. De lêzingen binne foar elk tagonklik. De ûnderwerpen binne aktuele, edukative, wittenskiplike en algemien-maatskiplike tema's, dêr't sprekkers op eigen wize ynfolling oan jaan kinne.

Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm (Fryske Akademy) en Nynke Boonstra (NHL) hawwe de earste lêzingedei foar harren rekken naam. De lêzing fan Ijssennagger-van der Pluijm gong oer de wytsingen yn Frisia, ûnder oare oer de byldfoarming dy't wy hawwe fan wytsingen en hoe't nije fynsten en nij ûndersyk dat byld byskave kinne. De lêzing fan Nynke Boonstra gong oer de ferpleechkunde yn de GGZ, en hoe't de ferpleechkundige oanpak fan mearwearde is yn de GGZ.

Op tiisdei 21 jannewaris sil de twadde Akademylêzing fan dit seizoen wêze, mei dr. Johanneke Liemburg oer 'Geertje Lycklama à Nijeholt, 1938-2014 – Feministich strategisch', en prof. dr. Marien de Jonge oer 'Infectie en immuniteit, afweer en bescherming'. ●



Mear ynformaasje oer de ticketferkeap en de Akademylêzingen →



Nijsgjirrige fynsten by gearkomsten Archeologysk Wurkferbân

It Archeologysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy hat yn it neijier fan 2024 twa ledegearkomsten organisearre mei lêzingen fan archeologyske eksperts.

Op 3 oktober wie Robbert Velt útnûge om te fertellen oer wat hy troch de jierren yn it Fryske fjild fûn hat mei de metaaldetektor. Op 26 novimber kaam Henk Sloots te fertellen oer muntfynsten út Fryske tsjerken: wat drage se by oan ús ynsjoch yn deistich (lytsjild)gebrûk, bouskiednis en numismatyk? Foarsitter fan it wurkferbân Sible de Roos hat ferteld oer wat ien tsjinkomme kin yn âlde Fryske tsjerken.

Yn it foarjier fan 2025 organisearret it Archeologysk Wurkferbân noch twa ledegearkomsten: op tiisdei 4 februari sil Dion Stoop (Noorderlijk Archeologisch Depot) wat fertelle oer fjoerstiennen en tongersdei 17 april sil Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm (Fryske Akademy) de lêzing fersoargje. By alle gearkomsten is der gelegenheid om nijsgjirrige fynsten te dielen en foar te lizzen oan de oare leden. Hawwe jo noch moaie fynsten thúst? Nim se mei! ●

weromsjen



Wurkbesite Ingelske ambassade

De bannen tusken Ingelân en Fryslân geane hiel fier werom. Twa fertsjintwurdigers fan de Ingelske ambassade, Keith Allan (Deputy Head of Mission, British Embassy The Hague) en Max Scragg (Economic and Social Affairs Attaché) lieten harren ferrasse troch al it ûndersyk dat de Fryske Akademy docht - en dien hat - yn gearwurking mei Britske ûndersikers op it mêd fan skiednis en meartaligens. ●



Nordfriisk Instituut: oer en wer besite

Op moandei 9 septimber wie direkteur-bestjoerder Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm yn it Dútske Bredstedt op wurkbesite by it Nordfriisk Instituut, ien fan ús kennispartners. Ijssennagger hat dêr in sit yn it kuratoarium. Dyselde wike kamen ûndersikers fan it Nordfriisk Liirskap, ûnderdiel fan it Nordfriisk Instituut, nei Ljouwert om yn 'e kunde te kommen mei it wurk fan de Fryske Akademy, Mercator en Afûk. ●



Troufotô's

Op freed 20 septimber kamen Jan Hoekstra en Anita Hoekstra-de Hoop út Koatstertille nei de Fryske Akademy om harren troufotô's te meitsjen. Yn de tún, yn de sjike bestjoerskeamer en op oare moaie plakjes yn it gebou posearre it gelokkige breidspear foar de fotograaf. Jan koe it gebou fan de Fryske Akademy goed, omdat er as meiwurker by Van der Geest Schilderspecialisten geregeld yn en om ús gebou oan it wurk is. De Fryske Akademy lokwinket Jan en Anita fan herte en winket it pear alle goeds foar de takomst. ●



[Foto: Claas Riecken / NFI]

Ek op besite

Nei in nijsgjirrige moarn by Tresoar kamen de Vrienden van Het Westfries Archief (Hoorn) ek by de Fryske Akademy op besite. Us promovendus Mark Raat (op de foto foar oan, 3e fan rjochts) fertelde oer de histoaryske konneksje tusken Westfryslân (regio) en Fryslân (provinsje), dr. Eric Hoekstra joch útlis oer it Westfrysk dialekt. ●



Netwurksympoasium UNESCO City of Literature Edinburgh

Jantine van der West, meiwurker Citizen Science en Kennisbenutting fan 'e Fryske Akademy, reizge koartlyn ôf nei Edinburgh yn Skotlân foar in netwurksympoasium fan UNESCO City of Literature. 53 stêden oer de hiele wrâld binne troch UNESCO beneamd as City of Literature, as ûnderdiel fan it bredere UNESCO-inisjatyf Creative Cities Network. It programma is yn 2004 inisjearre om sosjale, ekonomyske en kulturele ûntjouwing yn stêden te promoatsjen. Edinburgh wie doe ien fan de earsten dy't de beneaming City of Literature krige; Ljouwert krige de beneaming yn 2019.

Akademisy fan ferskate universiteiten út Cities of Literature kamen byinoar op it netwurksympoasium, om *best practices* te dielen en te praten oer de útdagingen en mooglikheden fan City of Literature yn harren stêden. Van der West: "It wie nijsgjirrich om te sjen hoe't oare ûndersyksinstellingen tegearre mei de Cities of Literature prachtige projekten opsette dy't écht ympakt hawwe op de maatskippij, meastal op lokaal nivo, mar soms ek (ynter)nasjonaal. Dit sympoasium hat foar my dúdlik makke hoe't literêr erfgoed taastber makke wurde kin en hoe't wittenskiplik ûndersyk dêr in rol yn spylje kin." ●



Dei fan de Fryske Taalkunde XIII

Op freed 25 oktober fûn op de Fryske Akademy de 13^e Dei fan de Fryske Taalkunde plak mei 13 lêzingen, mar it getal 13 brocht gjin ûngelok oan. De Dei wie suver in model-brûsplak, mei libbene petearen by kofje, lunch, lêzingen en buorrel foar studint en heechlearaar en alles dêrtuskenyn.

Dr. Eric Hoekstra

Anne Merkuur, de nije organisator, iepene it kongres en joech ûnderskreaune it wurd om de dea fan Jarich Hoekstra te betinken. Jarich (heechlearaar mjrkes te Kiel) hat safolle nijsgjirrichs ûntdutsen oan it Frysk. Hy wie dan ek bekend binnen en bûten de Fryske wittenskiplike mienskip. It is in mirakel dat sa'n lytse ûndersykmienskip in topûndersiker as Jarich yn syn midden hân hat.

Dêrnei joech ûnderskreaune twa lêzingen mei Arjen Versloot. Arjen en ik binne dwaande in boek te skriuwen oer de Aldfryske tekst "De 17 Kêsten". Christoph Hössel (Universiteit Trier) lei út hoe't de Aldfryske psalmglossen fan 'e 11^e ieu lêzen wurde moatte en yn har tiid passe. Kousuke Kaita (Universiteit Cambridge / Meiji Universiteit Tokio) liet sjen hoe't de funksje en betsjutting fan "no" feroare yn it Aldfrysk. Elzbieta Adamczyk (Universiteit Wuppertal) en Arjen Versloot (Universiteit Amsterdam) lieten sjen hoe't de funksje en betsjutting fan helptiidwurden feroare is.

Gerbrich de Jong hie in prachtich ferhaal oer de treddepersoansoansprekfoarm, lykas yn "Mem, wol Mem noch in bakje kofje?" Se fernijde ús dat se njonken har wurk foar de NHL ek in promoasje oer dit ûnderwerp docht op de Universiteit Nijmegen. André Looijenga (Fryske Akademy / Universiteit van Amsterdam) hold in moai ferhaal oer Gysbert Japicx en it byld fan it Frysk yn dy tiid. Astrid van Alem (Universiteit Utert) en Fenna Bergsma (Fryske Akademy) hiene in boeiende lêzing oer ellipsis (it weilitten fan parten fan sinnen) yn it Frysk. Trouwe besiker Gertjan Postma (Universiteit Leiden) hie in orizjineel ferhaal oer brekking.

Us susterynstitút yn Noardfryslân waard fertsjintwurdige troch Lena Terhart & Thede Thießen mei in fonetyske lêzing oer de útspraak fan twalûden. Jeroen

Zandberg spriek oer de sichtberens fan it Sealterfrysk yn 'e iepenbiere romte. Remco Knooihuizen (Universiteit Grins), Evelyn Bosma (Universiteit Leiden) en Hans Wilke (Universiteit Grins) besprutsen de útspraak fan -e en -en yn it Nederlânsk en it Frysk. Ta beslút wie der in plenêre lêzing oer de dialektyndieling fan it Frysk troch Anne-France Pinget

(Universiteit Utert), Martijn Kingma (Fryske Akademy), Cesko Voeten (Universiteit van Amsterdam), Nika Stefan (Fryske Akademy) en Hans Van de Velde (Universiteit Utert / Fryske Akademy). Alsa wiene der sprekkers út binnen- en bûtenlân, mei lêzingen yn it Ingelsk, it Dútsk, it Nederlânsk en it Frysk. ●



Utferkocht Mercator-kongres

Tongersdei 7 en freed 8 novimber kamen likernôch 150 ûndersikers út Europa, Noard-Amearika en Azië nei Ljouwert om diel te nimmen oan in kongres oer minderheidstalen en meartaligens yn it ûnderwiis. Dit evenemint, yn trije sealen fan it Oranje Hotel, wie organisearre troch it team fan Mercator (foto), it Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen dat ûnderdiel is fan de Fryske Akademy. It tema wie 'Shaping Policy for Minority Languages and Multilingualism', mei as haadsprekkers dr. Mirjam Günther-van der Meij (NHL Stenden University of Applied Sciences), prof. em.

Jarmo Lainio (Stockholm University) en prof. Sanita Martena (Rēzekne Academy of Technology).

Earegast fan it kongres wie Cor van der Meer, âld-projektlieder fan Mercator, dy't him tweintich jier lang ynsette hie foar regionale en minderheidstalen en dêrby graach de Fryske sitewaasje brûkte as in laboratoarium fan meartaligens. No giet hy mei pensjoen. Op it kongres waard hy yn it sintsje sette troch deputearre Folkerts, kollega's fan de Fryske Akademy en kunde út hiel Europa. ●

De foto's binne makke troch Ydwine R. Scarse.



F.l.n.r. Charlie Robinson-Jones, Martine Jansen, Femke van Seijen, Cor van der Meer, Jelske Dijkstra, Helga Kuipers-Zandberg, Inge Heslinga



Tusken de fyftich en hûndertfyftich oarkonden deis

Jantine van der West

Staazjerinner Ewoud van Aalst wurket in semester lang, ûnder tafersjoch fan dr. Han Nijdam, oan it ferrykjen fan data oer Aldfryske oarkonden.

Hoi Ewoud, wolkom op de Fryske Akademy! Kinst dysels foarstelle oan ús lêzers?

"Hoi, myn namme is Ewoud van Aalst, ik bin 24 jier âld en wenje yn Balk. Op dit stuit bin ik dwaande mei it ôfrûnjen fan myn Master History & Heritage Consultancy oan de Ryksuniversiteit Grins troch in staazje te dwaan by de Fryske Akademy. De oplieding giet oer erfgoed en publyksskiednis, en dizze staazje haw ik as ekstra fak keazen."

Wêrom hast keazen foar in staazje by de Fryske Akademy?

"De reden wêrom't ik in staazje dwaan woe, wie om't ik graach wurkûnderfining opdwaan woe foar't ik écht oan de slach gean. Ik haw foar de Fryske Akademy keazen, omdat hjir in protte fan myn ynteresses bestudearre wurde. Sa haw ik in sterke affiniteit mei de (iere) midsiuwen en haw ik in foarleafde foar Fryske taal, kultuer en skiednis."

Kinst wat fertelle oer watst dochst foar dizze staazje?

"Jawis. Op dit stuit bin ik dwaande mei Aldfryske Oarkonden. Dit binne dokuminten út de fjirtjinde iuw oant en mei de sechstjinde iuw. De measte fan dizze oarkonden hawwe mei it Aldfryske rjocht te krijen. Myn taak is it keppeljen fan de transkripsjes dy't fan dizze dokuminten makke binne, oan de digitale foto's fan de oarkonden. Dat doch ik sadat dy yn de taaldatabank ynfierd wurde kinne.* Ûndersikers fan bûten de Akademy hawwe op dizze wize tagong ta sawol de transkripsjes as de dokuminten, wêrtroch nij ûndersyk befoardere wurde kin. Dêrneist tink ik mei oan in plan om in âld wurkferbân fan de Fryske Akademy, nammentlik de Oarkonderûnte, nij libben yn te blazen. Dit wurkferbân hold him dwaande mei it bestudearjen fan dizze oarkonden en is sûnt 2013 yn wintersliep."

*De taaldatabank dêr't Ewoud it oer hat is Frisian Corpora, dat ûnderdiel is fan www.frisian.eu



Hoe sjocht in typyske staazjedei derút by de Fryske Akademy?

"Sadree't ik myn spullen klearset haw en opstart bin, begjin ik mei it keppeljen fan de oarkondefoto's oan de transkripsjes. Yn in soad gefallen haw ik gelok en slagget dit gelyk, mar it is faaks ek in puzelwurk, benammen at it hânskrift fan de oarkonde dreech te lêzen is of it dokumint skansearre is. Ofhinklik fan de dregens fan de oarkonden dy't ik tsjinkom, keppelje ik tusken de fyftich en hûndertfyftich oarkonden deis. Dy ynformaasje ferwurkje ik dan yn in Excel-bestân dat brûkt wurdt om úteinlik de oarkonden mei de foto's yn te fieren yn de taaldatabank. As ik earne net útkom of nijsgjirrige saken tsjinkom, dan freegje ik myn staazjebegelieder Han Nijdam of rin ik efkes nei Oebele Vries: hy wit mear fan Aldfryske Oarkonden as wa dan ek!"

Wat binne dyn plannen foar nei dizze staazje?

"Ik hoopje wurk te finen binnen dizze sektor. Spitigernôch is dat net in maklike opjefte. Op dit stuit haw ik it hjir hiel bot nei 't sin. Ik wurkje mei materiaal dat ik nijsgjirrich fyn en ik doch yndirekt in bydrage oan nij ûndersyk. Dêrneist draach ik ek by oan it tagonklik meitsjen fan de oarkonden. Ik fyn dat tankber wurk. De skiednis nei it publyk bringe en sa minsken hooplik nijsgjirrich meitsje is ien fan de wichtichste redenen wêrom't ik skiednis studearje. Ik hoopje dêrom dat ik mei sok wurk letter myn brea fertsjinje kin." ●

OFO, I, 62 met titel: Kampo Abbema bevestigt de schenking van een steed aan het St. Anthonius Gasthuis te Leeuwarden (Collectie St. Anthonius Gasthuis, HCL)



Yn 'e kunde komme mei Jantine van der West

Hoi Jantine, wolkom op de Fryske Akademy! Kinst dysels foarstelle oan ús lêzers?

"Myn namme is Jantine van der West en ik bin sûnt augustus 2024 oan it wurk by de Fryske Akademy as Meiwurker Citizen Science en Kennisbenutting. Ditselde jier bin ik ôfstudearre oan de Ryksuniversiteit Grins as histoarikus mei in spesjalisasje rjochting erfgoed, en mei in grutte belangstelling foar publyksskiednis. Dêrneist bin ik ek noch oplaat ta dosint muzyk. Dat is hiel wat oars, mar de ûnderfiningen dy't ik yn dy tiid opdien haw nim ik altyd mei. Ik kom út Drachten, mar bin grutbrocht yn Boelensloane, dat is in lyts doarpke tusken Drachten en Surhústerfean yn."

Hoe bist by de Fryske Akademy telâne kommen?

"Ik kaam de fakatuere tsjin op de webside fan de Fryske Akademy en fiede gelyk in konneksje mei de Fryske kasus. Ik kom sels út Fryslân en fiel my hjir thús. Op it Drachtster Lyceum keas ik dan ek bewust foar Frysk as eksamenfak. Myn masterskripsje gong oer Dr. Jan Rutgers (1850-1924), de Nederlânske pionier foar bertebeheining; hy en syn ynfloedrike frou, Mietje Hoitsema, kamen út Fryslân. Mar neist de konneksje mei Fryslân, fûn ik mysels ek werom yn it profyl dat se sochten. Ik lies it profyl en tocht: "dit bin ik!". De funksje hat in soad te krijen mei it wittenskiplike tagonklik meitsje foar it gruttere publyk. Ek yn dat aspekt fûn ik mysels: op de oplieding haw ik altyd al ynteressearre west yn publyksskiednis. Sa haw ik de befiningen út myn masterskripsje oerset nei in podcastrige dy't op Spotify te beharkjen is en haw ik in artikel skreaun foar it Historisch Tijdschrift Fryslân. Myn affiniteit mei organisearjen en koördinearjen kin ik dêrneist ek goed kwyt yn dizze funksje. Koartsein: foar my wie de funksje en de organisaasje de perfekte *match!*"

Foardat we fierder gean, miskien kinst mear fertelle oer dyn rol by de Fryske Akademy?

"Jawis. Sa't by de lêzer faaks wol bekend is, hat de Fryske Akademy in grutte efterbân: beneamde Akademyleden, stipers en wurkgroepen. De Fryske Akademy hat by my eins de fraach dellein hoe't we dizze efterbân fersterkje kinne, mar ek hoe't we de bannen mei de bredere mienskip oanhelje kinne troch de ynset fan *citizen science*. Citizen science, of boargerwittenskip, kin sawol foar de Fryske Akademy, as foar de boarger, as foar de maatskippij yn syn algeheel weardefol wêze. Sa kinne fragen út de mienskip plak krije by de Fryske Akademy, boargers kinne wittenskiplik ûndersyk stypje, en de Fryske Akademy kin de maatskippij fan nije ynsichten foarsjen, bygelyks. Der binne ferskate foarbylden te neamen fan foarmen fan citizen science, dat makket



de opdracht ek sa dynamysk. De Fryske Akademy wol harren doarren iepenje foar de Fryske mienskip, sadat minsken witte wat we dogge, wat ús ambysjes binne en hoe't se belutsen wurde kinne. Myn rol is om ris te sjen hoe't de Akademy dy duorsume brêge slaan kin tusken har wittenskiplike omjouwing en de bredere mienskip."

Hoe fynst it oant no ta by de Fryske Akademy?

"Ik bin hiel waarm ûntfongen troch alle kollega's, mar ek troch de bestjoeren fan alle wurkferbannen en oare eksterne relaasjes. De earste wiken stiene yn it teken fan in protte ynlêze en ynventarisearje, mar op de Akademydei koe ik echt yn 'e kunde komme mei de minsken dêr't ik úteinlik mei gearwurkje sil. Dat wie foar my in moaie dei en ik sjoch der mei in protte wille op werom. De funksje dy't ik beklaaie mei is dynamysk en ferskaat: dêr krij ik enerzjy fan!"

Wat binne dyn ambysjes binnen dizze funksje?

Myn ambysje is dat de *wurkmienskip* fan de Fryske Akademy in libben en dynamysk gehiel is, dat middenyn de maatskippij stiet en wêryn minsken gearkomme om harren ynsichten, ferhalen, ynteresses en befiningen omtrint ferskate tema's mei-inoar te dielen. De *wurkmienskip* is net allinnich iepen en tagonklik, mar ek kwalitatyf en wittenskiplik. Ik leau dat dy saken byinoar passe, it iene hoecht it oare net út te sluten. Binnen de *wurkmienskip* is plak foar eltse: akademisy en net-akademisy, jong en âld, manlju en fruolju, en alles dêr tuskenyn. De Fryske Akademy is ynhâldlik belutsen en iepenet dêrneist aktyf de doarren foar de bredere mienskip. Ik hoopje dat ik in part hawwe kin yn dat ideaalbyld. Dat kin ik fansels net allinnich; dêrfoar haw ik stipe en ynput nedich fan alle belutsenen. Dêrom binne jo altyd wolkom op de Fryske Akademy om mei my in bakje kofje te dwaan en ideeën út te wikseljen!" ●

Hjir jouwe wy in lytse seleksje fan resinte publikaasjes fan de meiwurkers en gastûndersikers fan de Fryske Akademy en it Mercator Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen. In folslein oersjoch kinne jo fine op it PURE portaal fan de KNAW, fia pure.knaw.nl.



Scarse, Y., & Ybema, J. (2024)

Sa leit it lân derhinne: Frysk yn wet, bestjoer en kennisfjild.

Mercator European Research Centre on Multilingualism and Language Learning.



Thomas, K. (Ed.), Ybema, J. (Ed.), Jansen, M. (Ed.), Robinson-Jones, C. (Ed.), Huck, D., & Erhart, P. (2024)


German: The German language in education in France (Alsace) (3rd ed.) Regional Dossier series. Mercator European Research Centre on Multilingualism and Language Learning.



Robinson-Jones, C., Scarse, Y., & Duarte, J. D. S. (2024)

Can Frisian cure? The role of Frisian language policy and education in migrant healthcare professionals' integration in Fryslân.

In J. Simpson, & S. Pöyhönen (Eds.), *Minority Language Learning for Adult Migrants in Europe* (1st ed., pp. 88-114). (Routledge Critical Studies in Multilingualism). Routledge.



Brand, A. J. (2024)

Friese koopvaarders bij Wight gekaapt. *Historisch Tijdschrift Fryslân*, 30(3), 23-27.



Voeten, C., Pinget, A.-F., Kingma, M., Stefan, N., & Van de Velde, H. (2024)

Listener Factors in Accent Recognition: A Perceptual-dialectology Study of Frisian. *Penn Working Papers in Linguistics (PWPL)*, 30(2), 153-162. ●



Nijdam, J. A. (2024)

Schemas of the Body and Body Metaphors in Medieval Frisian Law.

In C. Ferella, T. Pommerening, & U. Steinert (Eds.), *Living Bodies, Dead Bodies, and the Cosmos. Culturally Specific and Universal Concepts* (pp. 157-192). (Ancient Cultures of Science and Knowledge; No. 3). Mohr Siebeck.



Frisistyk

Online tydskrift foar taal- en letterkunde

IJssennagger-van der Pluijm, N. (2024)

Medieval dynamics of minority languages and cultures in Europe: A Case study of Calabrian-Greeks and the dynamics of the Norman period.

Europäisches Journal für Minderheitenfragen, 17(3-4), 276-288.



Hoekstra, E., Slofstra, B., & Wolf, H. (2024)

Adpositions in schwa in Saterland Frisian. *Taal & Tongval*, 76(1), 37-65.



Frisistyk.nl

De Fryske Akademy en Neerlandistiek.nl wurkje tegearre oan Frisistyk.nl, it online tydskrift wijd oan Fryske taal- en letterkunde. In lytse greep út resinte publikaasjes:

- Eric Hoekstra - *Taalverandering betrapt! 1: De cyclus van negatie & Taalverandering betrapt! 2: Geen*
- Pieter Duijff - *De skjintme vurt ferbwołgwódde fan Trinus Riemersma*
- Han Nijdam - *Midsiuwsk en Modern Muontsewurk*
- Arjen Versloot - *In taal fan kwizekwânsje*
- Reitze Jonkman - *Op syn Gittersk (*1751- †2011). By it ferstjerren fan ien fan de migraasjetalen fan Fryslân*
- Pieter Duijff - *In memoriam Jarich Freark Hoekstra (Hitsum 17-2-1956 – Kiel 20-9-2024)*
- Marijke de Boer - *Alderik Blom: Puzelstikjes fine* ●

Yn de twadde helte fan it jier mochten wy wer in tal nije meiwurkers ferwolkomje, mar namen wy ek ôfskied fan kollega's dy't soms al tsientallen jierren oan de Fryske Akademy ferbûn wiene.

Yn tsjinst

Jantine van der West, meiwurker Boargerwittenskip en kennisbenutting (22 augustus 2024)

Johan van der Zwaag, leksikograaf (1 septimber 2024)

Ewoud van Aalst, staazjerinner Aldfryske oarkondes (2 septimber 2024)

Trudi Brinks, gastûndersiker Skiednis – Ynskripsjes op grêfstiennen (1 oktober 2024)

Ut tsjinst

Pieter Duijff, ûndersiker/leksikograaf (19 novimber 2024)

Mettje de Vries, kommunikaasjemeiwurker (30 novimber 2024)

Alexia (Alex) Kerkhof, ûndersiker (30 novimber 2024)

Emma Bloemhoff, staazjerinner Fryske Fonetyk (31 augustus 2024)

Alderik Blom, gastûndersiker Fryske literatuer - Bretonsk-Fryske relaasjes nei 1945 (30 juny 2024). ●

Aginda

Hâld de aginda op ús webside (fryske-akademy.nl) yn 'e rekken en sjoch op ús sosjale media foar aktueel nijs oangeande aktiviteiten.

Sneon 4 jannewaris

Lêzing Genealogysk Wurkferbân, Tresoar, Ljouwert

Tiisdei 21 jannewaris

Akademylêzingen, De Jouwer & Ljouwert
Lêzingen fan dr. Johanneke Liemburg en prof.dr. Marien de Jonge (Radboud Universiteit Nijmegen).

Tongersdei 23 jannewaris

Lêzing Lânboukundich Wurkferbân, Frysk Lânboumuseum, Ljouwert

Sneon 1 febrewaris

Lêzing Genealogysk Wurkferbân, Tresoar, Ljouwert

Tiisdei 4 febrewaris

Lêzing Archeologysk Wurkferbân, Fryske Akademy, Ljouwert

Woansdei 5 febrewaris

Lêzing yn it Sint Anthony Gasthuis, Ljouwert



Sneon 8 maart

Lêzing Genealogysk Wurkferbân, Tresoar, Ljouwert

Freed 14 maart

Akademylêzingen, De Jouwer & Ljouwert
Lêzingen fan Froukje Hernamdt en Dennis Voeten (Natuermuseum Fryslân) en M.W.P.M. ter Berg (Gerechtshof Arnhem-Leeuwarden).

Sneon 29 maart

Lêzing Lânboukundich Wurkferbân, Frysk Lânboumuseum, Ljouwert

Sneon 5 april

Lêzing Genealogysk Wurkferbân, Tresoar, Ljouwert

Sneon 12 april

Symposium Wurkgroep Maritieme Skiednis, Ir. D.F. Woudagemaal, De Lemmer

Tongersdei 17 april

Lêzing Archeologysk Wurkferbân, Fryske Akademy, Ljouwert

Aureoal foar in akadeemje

Arjan Hut 2024

De Prinsetún noch yn de simmerpronk en in jonge stoarm
mei âlde streken tongeret oer de Grienewei.
It wetter yn sto-weagen oer de dakpannen.

Yn de akadeemje, in kollaazje fan gebouwen, wijde
de knapste koppen fan Fryslân har libben oan de stúdzje.
(Ien fan de learden hat de kaai thús litten.
Moat as gast troch de haadyngong.)

Hap foar hap anneksearret it ynstitút de tiid -
wreidet út, hjir in tel, dêr in minút, en jout de dagen sa
in nije bestimming.

In flits. It is hjerst -it flaggekoard slingeret algoritmysk
tsjin de mêst. Och, ik tink ek wolris, wat is der in soad feroare?
It gewoane folk, hurdwurkjend, godfrezend en ûntychlike
nochteren, ik fernim har stinnen yn de noardewyn
“Te links, te links, te fier by it folk wei!”

Wie it net Eije Wykstra dy't sei: “Net mei de gleone
kop, mar mei it ferstân foarop?” Of wie dat Titus Brandsma?

Ek op dit stee is de bân tusken it mjitbere en it hillige
net fergetten. In âlde grêft streamt ûndergrûnsk om de funeminten.
Op it binnenplak hinget, ek as it spielt, in muontsepij oan in sinnestriel
- en altyd binne der geasten dy't leauwe oan wûnders.

Ik hastigje my nei nei de takomst, troch de haadyngong.
Healweis de middei, de lampen stean' al oan.
Sirkels fan ljocht, út it plafond.



Direksje en meiwurkers fan de Fryske Akademy winskje elkenien

folle lok en seine yn 2025!